

## Les 8

### 8.1. Staving

*Underwiislearmiddels*: sjoch les 1.

#### 8.1.1. Trijelûden

De letterkombinaasje *oai* moat yn syn *brutsen* foarm as in trijelûd útsprutsen wurde. Dy brutsen foarm wurdt as it meast eigen foar it Frysk oanfield en fertsjinnet dan ek de foarkar (sjoch ek les 2.3.3. 'Noarm en standert' ûnder punt 9): moai [mo.i] (twalûd), *moaier* [mɔaiɛr] (trijelûd), moaist [mɔaist] (trijelûd).

Yn guon gefallen kin it al of net brekken fan de *oai* in wurd in hiel oare betsjutting jaan: *koai* [ko.i] (twalûd) – *koai* [kɔa:i] (trijelûd). Sykje it ferskil op yn it wurdboek, as jo it net witte.

De letterkombinaasje *uoi* [uoi] is altyd in trijelûd: muoike, muoilik, ruoikje, fuoi. It tal wurden mei *uoi* is tige beheind (sjoch ek *Staving*, les 16). WB-I (s. 15) neamt as trijelûden ek noch: *bliuw* [jüu], *priuwe* [juu], *bleau* [jo.u], *fjouwer* [jɔ.u].

#### 8.1.2. Romte of gjin romte

Der moat om tocht wurde dat wannear't de lidwurden *de* of *it* ferkoarte wurde ta 'e of 't, der altyd romte (spasje) bliuwe moat tusken lidwurd en ôfgeand wurd: *oan 'e ein, yn 't spier* (en nêt: \*oan'e ein, \*yn't spier).

As 't net de ferkoarting fan it lidwurd *it* is, mar fan *dat* of *oft*, dan moat der gjin romte (spasje) tusken (byn)wurd en 't: om't (omdat), wannear't (wannear oft), hoe't (hoe oft), wêr't (wêr oft). *Ik* ferkoarte ta 'k moat út soarte wol de romte krije: Dat wol 'k net!

#### 8.1.3. Staveringsopdracht

Yn haadstik 17 fan *Staving* komme, útsein it yn de foarige paragraaf neamde romteprobleem, ek noch in stikmannich oare stavingssaken op it aljemint: de oergongsbylûden -d en -w, de 'stomme' letters en de ynterpunksje. Lês dat haadstik troch as jou swierrichheden op dat mêd ferwachtsje.

In lestich punt is it ôfbrekken fan wurden yn it Frysk. De Haan en Hoekstra hawwe yn *It Beaken* (1991, nû. 1) in regeling útsteld, dy't net offisjeel bekrêftige is troch Provinsjale Steaten, mar dy't yn jo teksten foarearst mar it bêste oanholden wurde kin. Yn de kommende paragraaf jouwe wy dat útstel wer, ek al is der op ûnderdielen wol krityk op mooglik (ferl. Hoekema, *Ljts Frisia*, nû. 10-12, 1991, 61-62). F. Dykstra, *Staving* (2003 of letter) jout koart omtinken oan it ôfbrekstreekje (par. 17.4.9.).

#### 8.1.4. Oersjoch fan 'e ôfbrekregels yn it Frysk

1. Gearsettings (gearstallings) ôfbrutsen tusken de gearstallende dielen: *blom-pôt, knine-hok, kenings-drama*. It efterheaksel *-eftich* hâldt en draacht him as in part fan in gearsetting: *baas-eflich*.

2. Ofliedings mei in foarheaksel wurde ôfbrutsen nei it foarheaksel: *be-roppe, ûnt-komme, ge-stin*.

3. Ofliedings mei in efterheaksel dat mei in bylûd begjint, wurde ôfbrutsen nei it grûnwurd: *draach-ber, hûn-tsje, bich-je*. It efterheaksel *-je* yn tiidwurden telt as in efterheaksel dat mei in lûd begjint (sj. 4).

4. Net-gearstalde wurden en ôfliedings mei in efterheaksel dat mei in lûd begjint, wurde neffens de neikommende regels ôfbrutsen:

a. tusken twa oaninoarfolgjende lûden ôfbrutsen as se net ien klank oantsjutte: *baai-er, ri-oel, twa-en*;

b. ien bylûd tusken twa lûden giet by ôfbrekken nei de folgjende rigel: *doa-zen, re-zyn, mi-na-ret*;

c. by mear as ien bylûd jildt:

- yn *eigen wurden* en yn *frjemde wurden* mei in *sjwa* (stomme *e*) yn it folgjende wurdlied bliuwt by it ôfbrekken op syn minst ien bylûd stean en geane fan 'e oaren safolle nei de folgjende rigel as dat yn in 'kanonike Fryske begjinkloft'\* stean kinne: *mos-ter, fariaas-je, sintrifúz-je, fernim-stich, gês-ting, eaz-je, sied-zje, weev-je, sal-vje, reag-je, priiz-gje*;

- yn *frjemde wurden* mei in **fol lûd** yn it folgjende wurdlied geane alle bylûden nei de folgjende rigel foarsafier't se in 'kanonike Fryske begjinkloft' foarmje en foarsafier't der gjin betizing oer de útspraak fan it benefterbliuwende lûd ûntstiet: *ka-straat, foe-draal, ko-bra* [↔pros-taat], *re-zjy* [↔bes-tiaal], *kli-sjee* [↔skis-ma], *pu-blyk* [↔lus-trum].

\* Under in 'kanonike Fryske begjinkloft' wurde beflapt alle bylûdkloften dy't oan it begjin fan in eigen Frysk wurd stean kinne + de stimhawwende *rûzers* (skuorlûden, wriuwklanken, spiranten) *z, v* en *g* + de ferbinings *zj, vj* en *gj*.

*Algemeine opmerking:*

In eventueel trema wurdt wei by it ôfbrekken, in *ú* yn in iepen wurd lid ferliest it skerpteken en in dûbelde *aa* en *oo* yn in iepen wurd lid wurdt ûntdûbele: *daaich*→*daai-ich*, *yllúzjonist*→*yllu-zjonist*, *húchelje*→*hu-chelje*, *tubaatsje*→*tuba-tse*, *dookje*→*do-kje*, *goochem*→*go-chem*.

Sjoch foar in goed oersjoch ek *Mei freonlike groetnis*, ûnder it lemma ‘ôfbrekke’, s. 92-93) en *Stavering* (2003<sup>5</sup>, par. 17.4.9.), ‘It ôfbrekstreekje (-)’, s. 89-90.

### 8.1.5 Staveringsopdracht

Brek de neikommende foarbylden ôf neffens it útstel De Haan/Hoekstra.

- |                 |                          |
|-----------------|--------------------------|
| 1. hazze        | 26. televyzje            |
| 2. barre        | 27. lozjemint/loazjemint |
| 3. master       | 28. komeedzje            |
| 4. oarder       | 29. stúdzje              |
| 5. wyldens      | 30. gletsjer             |
| 6. wachter      | 31. gaos                 |
| 7. tange        | 32. dûane                |
| 8. wylgebeam    | 33. piama/py(j)ama       |
| 9. reagje       | 34. boeket               |
| 10. rôvje       | 35. tûpet                |
| 11. brimstich   | 36. tolyn                |
| 12. ingster     | 37. abrikoas             |
| 13. woarsten    | 38. akwadukt             |
| 14. oartsen     | 39. bûzjy                |
| 15. fluenskens  | 40. retûsjearje          |
| 16. Grykske     | 41. dûblet               |
| 17. leedzje     | 42. rezjym               |
| 18. boartsje    | 43. neglizjee            |
| 19. moartsje    | 44. kwestjeus            |
| 20. wedzje      | 45. sersjant             |
| 21. wrinzgje    | 46. posearje             |
| 22. salvje      | 47. postuer              |
| 23. faasje      | 48. justysje             |
| 24. kontribúsje | 49. budzjet              |
| 25. garaazje    | 50. revolúsjonêr         |

Hoekema pleitet foar de ôfkoarting *gy-chem* ta ûnderskied mei *li-chem*. Hy soe it skerpteken net fan *húchelje* helje wolle by it ôfbrekken om ûnderskied te hâlden mei *ku-chelje*. De *o yn goochem* soe net skrast wurde moatte by 't ôfbrekken om ferskil te hâlden mei *ko-chelje*. Hy is ek fan betinken dat *oartsen* as *oart-sen* ôfbrutsen wurde moat en net as *oar-tsen*, omdat de foar de etymology ûnmisbere *r* op himsels steand, neat foarstelt en boppedat Frysklearders op it idee bringt dat se de *r* útsprekke moatte. *Oart-sen* slút ek folslein oan by *bot-sen*, *Gryt-sen*, ensfh. *Woarsten* en *boartsje* binne ferlykbere gefallen. Parallel oan *reez-jimint* (hoe skriuwt de *Nije list* dat wurd?) hie neffens him *neeg-lizjee* better west as *ne-glizjee*. Ungelokkich ôfbrutsen achtet er *kwest-jeus* (leaver: *kwes-tjeus*). En wêrom *pos-jeurje*, dêr't de *o* dochts net deselde is as yn *pos-tuer* of *mos-kee* en dat, sa ôfbrutsen, ûnnedich ôfwykt fan bygelyks *retû-sjeurje*?

It ûnder 4 neamde foarbyld fan *pros-taat* (mei koart lûd) soe better *pro-staat* (mei in lang lûd) wurde kinne lykas *pro-baat* en *pro-paan*, dat tagelyk better temjitte komt oan it wurdkomôf. It docht bliken dat wy yn ús wurdboeken eins ferlet hawwe fan de Ingelske gewoante om by de lem.ma's stip.pen tus.ken de wurd.lid.den te set.ten [komt yn it nije F-F-wurdboek].

## 8.2. Tiidwurden

### 8.2.1. Tiidwurde-opdracht

Ferbûgje sûnder boarnen de neikommende tsien sterke en ûnregelmjittige tiidwurden (alle persoanen, notiid, doetiid, mulwurd). Mij dêrby de eventuele swakke farianten: *slûpe*, *slute*, *snije*, *snute*, *spije*, *spriede*, *stappe*, *stjitte*, *strekke*, *strike* (ferlykje *strekke* mei de ferbûging fan *strike*!). Ferlykje de útkomsten mei wat de oaren der yn jo groepke fan makke hawwe. Sjoch dêrnei yn *Tiidwurden* (s. 59-63) en yn de *Beknopte Friese vormleer* (s. 66-68).

Ferbûgje (thús) op deselde wize en earst wer sûnder boarnen de folgjende fyftsjin tiidwurden. Mij wer de swakke farianten: *swije, swine, terskje, trekke, tsjen, waakse, waskje, weage, weitsje, wenne, winne* (ferlykje *wenne* en *winne*), *witte* (tink om de 2<sup>de</sup> persoan iental en meartal!), *wiuwe, wreke, write*. Ferlykje wer mei *Tiidwurden* (s. 63-68) en de *Beknopte Friese vormleer* (s. 68-70).

Lês (thús) jo ferbûgings fan de foargeande lessen nochris troch.

### 8.3. Taalregels en taaleigen

#### 8.3.1. Taalregels en taaleigen út *Mei freonlike groetnis*

Lês de siden 116-130 globaal troch en meitsje oantekens fan wat jo goed ûnthâlde wolle. Jou ekstra omtinken oan:

- *tal*: as de klam leit op in *tal* [*tal* is gjin moai Frysk!] as ienheid (groep), dan folget de ientalsfoarm: In tal jonges moast neibliuwe; It tal reizgers dat meigong, foel ta. Falt de klam op (in pear, guon, ûnderskate, in soad) *jonges*, dan folget de meartalsfoarm: In tal (in pear) jonges moasten neibliuwe; In tal piloaten seagen har fleantúch yn need.
- *tautology*: sjoch ek by *pleonasme* (les 6).
- *tiidoantsjutting*: der is ferskil tusken *de jûns* (*dy* beskate jûn) en *jûns* (*alle* jûnen).
- *tiidwurden*: der binne swakke tiidwurden dy't útgeane op:
  - igje*: einigje; -*elje*: hannelje, keakelje; -*emje*: azemje, wazemje; -*enje*: oefenje, rekkenje; -*erje*: bletterje, hammerje. Neffens de bûgingsfoarms fan de -*je*-tiidwurden is de twadde en tredde persoan iental fan de notiid: do einigest, hy einiget, do hannelest, hy hannelet, ensfh. Yn de sprutsen en skreaune taal komt de foarm sûnder -*e* ek foar, b.g.: do oefenst, hy oefent; do hammerst, hy hammert. Oan dy foarm sûnder -*e* is lykwols net mear te sjen dat it om in -*je*-tiidwurd giet! Dêrom is de foarkarsfoarm de foarm mei -*e* yn de útgong: do bongelst, hy bongelet; do rekkenst, hy rekkenet; it skiep bletteret; it wazemet der oer. Op 'e Afûk-kursussen wurdt allinnich de *regelmjittige* ferbûging as de 'standertfoarm' oanleard en op de Afûk-eksamens wurdt allinnich de foarm mei -*e*-goed rekkene (ferl. ek *Tiidwurden*, 'Regelmjittige tiidwurden op -je', s. 19). Sjoch foar de skiedbere en ûnskiedbere tiidwurden ek *Tiidwurden*, par. 5 (s. 30-32): Hy *kaartspilet* de hiele jûn (Holl.: 'Hij *speelde* de hele avond *kaart*'); Hy *lange* my in boekebon *oer* (Holl.: 'Hij *overhandigde* mij een boekenbon').
- *tuskenklank yn gearstallings*: de *tusken-e* wurdt altyd as -*e*- skreaun yn it Frysk, ek as it Hollânsk -*en* hat. Mei dy regel is de tuskenklank yn it Frysk folle makliker te ûnthâlden as it Hollânsk; 'koninginnensoep' en 'Koninginnedag' is yn it Frysk *keninginnesop* en *keninginnedei*; 'paardebloem' en 'paardenbiefstuk' is gewoan *hynstebloom* en *hynstebystik*.
- *ûndertekenje*: ik hie it tige nuttige boekje fan *De Haan leaver* de *folle* (en dus *langere*) foarm (titel) jûn (as *standerdisearringsregel*): *Mei* freonlike groetnisse. Dus dan ek: *Mei* rju *achtinge*.
- *ûntkennings*: taal is net altiten logysk. Yn it Frysk kin de *dûbelde* ûntkenning dus hiel goed: Ik haw der *nea net* ferlet fan hân. De ûntkenning kriget der ornaris *mear* klam troch.
- *Wêr't en dêr't*: de *folle* (en dus *langere*) foarm kriget fan my de foarkar as *standertfoarm*: it doarp *dêr'tst(o)*; *wêr'tst(o)* wennest (leaver nèt: \**dêrst(o)* en \**werst(o)*). Sa ek: *sa'tst(o)*, *doe'tst(o)*, *no'tst(o)*, *oftst(o)*! Wylst(o) kriget gjin twa kear -*st* (s. 119).

Nei it alfabetyske part hat *Mei freonlike groetnis* noch in twadde part oer *priveekorrespondinsje* (s. 157-164) en in tredde part oer *saaklike korrespondinsje* (s. 165-180). Faaks hawwe jo yn jo deistige skriuwraprakte wat oan dy modellen. Besjoch se yn alle gefallen ris efkes, dan witte jo oft der wat fan jo gading by sit.

Yn de learboeken fan de *Afûk* wurde geregeldwei oersettings jûn, om 'min' 'Frysk' of ynterferinsjes tefoaren te kommen. Gâns dêrfan hat yn de foargeande lessen ymplisyt of eksplisyt oan 'e oarder west. Sa moat der yn it Frysk om tocht wurde dat it wurdje 'ek', as it kin, leaver nèt oan 'e ein of oan it begjin fan in sin brûkt wurdt (ferl. *Mei freonlike groetnis*, s. 33, ûnder it lemma *ek*).

In oare tip is dat 'iedere week (maand, dag)' ornaris oersetten wurde moat yn 'e meartalsfoarm: *alle wiken* (*moannen, dagen*).

By de Afûk wurde ek wurden op -*ing* ('de' iepening, sluting, fêststelling) safolle mooglik mijd en wurdt de foarkar jûn oan foarms lykas: *it iepenjen, it sluten, it fêststellen*, ensfh.

Yn it neikommende jouwe wy wer omtinken oan taaleigen dat maklik beynfloede wurdt troch it Hollânsk.

### 8.3.2. Foarnamwurden en ynterferinsjes (II)

1. Yn it Frysk brûke wy sa min mooglik it *besitlik* foarnamwurd as de persoan al bekend is, bgl.: Ik heb last van *mijn* arm' wurdt yn it Frysk: Ik haw lêst fan 'e earm. Noch sa'n foarbyld: 'Ik ben geslaagd voor *mijn* examen' wurdt: Ik bin slagge foar *it* eksamen. Dan bin *ik* der dus troch!

2. Yn de foarige les (par. 7.3.4.) hawwe wy omtinken jûn oan it brûken fan it foarnamwurd 'men'. Dat is ûnbeskaat as it tige algemien brûkt wurdt. 'Men' wurdt yn de beide rykstalen gelikens stavere, mar ûngelikens útsprutsen. Yn it Frysk slút it eins hast altiten de 1<sup>ste</sup> persoan (de sprekker) yn en kin der sels synonym mei wêze: *Men* moat net alles leauwe. De betsjutting yn it Hollânsk is ornaris folle rommer ('de minsken'). Yn it Frysk is in sin as: \**Men* seit dat hy it dien hat' sadwaande in *semantyske* ynterferinsje. Dat moat wurde: *Se sizze (der wurdt sein, it praat giet)* dat hy it dien hat. 'In 1944 leverde men de slag om Arnhem' = yn 1944 waard *de(r)* slach om Arnhem levere.

It *refleksum* (*weromwurkjende* foarnamwurd) by *men* is *jin* (en nèt: \**sich!*). De sprekker wurdt ornaris ek ynsletten yn de foarwerpsfoarm *jin* (út it numerale *ien*): It moat *jin* oangrize fan sokke bern; Soks jout *jin* net folle; Men moat *jin* (nèt: \**him!*) skamje; Men moat *jin* net al te drok meitsje.

*Men* stiet ek wolris tusken *do* en *jo* yn: Wat fertsjinnet *men* dêr no mei? (as de sprekker net rjocht *do* sizze kin en net *jo* sizze wol). *Do, jo, wy, se* kinne (ek) it aard fan in *ûnbeskaat foarnamwurd* hawwe: *Do* soest der in eed op dwaan, dat de man tefolle hat; Ik hâld my meastal stil, mar *do* wolst dyn sin ek wolris sizze; *Jo* meie tsjintwurdich net hurder as hûndert kilometer ride. It possessive *jins* wurdt brûkt foar de 'fatsoenlike' 2<sup>de</sup> persoan, ek by *men*: *Jins* wurd moat *men* hâlde; *Men* moat *jin* oan *jins* wurd hâlde.

3. Der is eins mar ien *wjersidich* foarnamwurd, mar yn ûnderskate foarms. It is in gearstald wurd, dêr't it earste part *elk* ('elkoar') of *in* (út: *ien*) ('inoar') fan is. *Inoar(ren)*, *elkoar(ren)*, *mekoar* binne goede foarms, mar \**mekander*, \**ynelkander*, \**trochinander* binne wanskepen mingfoarms en hearre net yn it Frysk thús (sj. ek Tamminga, *Op 'e taelhelling I*, 60).

4. Yn it Hollânsk is it ûnbeskate foarnamwurd 'er' hiel gewoan foar bygelyks in telwurd: 'Ik heb *er* vier'. Yn it Frysk moat de letterlike oersetting \*'Ik haw *der* fjouwer', beskôge wurde as in *syntaktyske* ynterferinsje. De bou fan de sin doocht net, want yn ús taaleigen moat dat 'der' weilitten wurde.

Tamminga jout (*Op 'e taelhelling II*, 212-213) ek in stikmannich foarbylden fan dat sinnich hollânisme: \*Hasto *der* al ientsje? Ek de ferlytingsfoarm fan it telwurd, yn it Hollânsk sa gewoan (tink oan 'met z'n tweetjes, z'n beidjes') is by ús hielendal net hiem. In *ientsje* yn it Frysk slacht op ien aai yn in nêst: De aaisiker fûn op 't lêst in *ientsje*. It diminutyf wurdt boppedat by foarkar *brutsen* útsprutsen [jIntsjə].

As it partikel *der* yn it Frysk brûkt wurdt, hat it altiten de funksje fan in bywurd: Dat boek wie *der* net; Ho mar, do bist *der* al; Wa kaam *der* oan?; *Der* wie nimmen te finen, dy't it dwaan woe; *Der* leit in bal yn de goat(t)e. *Der* is yn foargeande foarbylden oars neat as in ferswakke, fonetysk redusearre foarm fan it oanwizend foarnamwurd *dêr*. De plakoantsjuttende funksje is noch net alhiel ferlern gongen. Mar der binne ek genôch foarbylden te jaan fan it goed brûken fan *der* as der gjin plakoantsjutting is: Earizers binne *der* suver net mear; Sa'nien libbet *der* net, dy't dat wit; *Der* wie ris ...; Yn dy tiid bestie *der* noch gjin wet op 'e roalferkaveling; *Der* stiet beskreaun; *Der* wurdt grute, dat er stellen hat.

Tige gongber is ek de ferbining fan *der* mei in oar bywurd, soms oaninoar skreaun, soms ek net: Ik haw *der* neat *fan* heard; Ik wol *der* foar betankje; Jimme prate *deroer* as wie it neat; It kin en it hat *deroan*. It Fryske adverbium rint yn de foargeande foarbylden moai lykop mei it Hollânske 'er'.

Yn it Hollânsk komt 'er' lykwols ek foar as *foarnamwurd*. It is dan net in ynkrompen 'dêr', mar in âlde twadde namfal fan in 3<sup>de</sup> persoan meartal mei de betsjutting 'ervan', 'van die', 'van hen'. It komt, lykas bliken die út 'Ik heb *er* vier', gauris, mar net útslutend, foar yn sinnen mei in foarwerp (objekt) dat bestiet út in telwurd.

Noch inkelde foarbylden fan de ynfloed fan it Hollânsk op it Frysk (ek fan bekende frisisten en frisiasten): \*[...] mar as wy sjogge, dat it Frijssche Boerealmek, dat oer is, fan 1672 is en Wolter Wolters *der* al *ien* neamt foar 1658 [...]; Elk doarp, dat meidwaen woe, hie *der ien* (J.J. Kalma, *Om Gysbert Japiks hinne*, s. 46); Dat blike *der* oer de jierren 1625 oant 1650 *rettjin* te wêzen [...] (Ph. H. Breuker, *It wurk fan Gysbert Japix*, II-1, s. 211); As der oer bipaelde stêdden - Harns is in forneamd foarbyld - altyd mar wer hwat yn de kranten to lêzen is, dan sit him dat der net yn, dat *der dêr safolle* bart, mar allinne dêryn, dat *der dêr in pear* hurd arbeidzjende korrespondinten wenje [...] (*De Strikel*, 1964, s. 69). Net allinnich nei *beskate* (haad)telwurden (ien, sân, hûndert) docht it ferskynsel him foar, mar ek nei *ûnbeskate*

(ferskate, ûnderskate, wat, alle, mannich, elts(e), sa-/te-/hoefolle, net folle; in protte, in soad, in pear, in keppel, in smite, in protsje, in mannichte, ensfh.).

Unmisber is 'der' yn it Frysk:

1. as it in *plakoantsjuttende funksje* hat; it is dan almeast te ferskate troch *dêre, op dat plak, hjir*: Wurdt *der* al wer staakt (yn Rotterdam)?; Is *der* (hjir) noch ien, dy't meidwaan wol?; It leit *der* net mear (yn 'e kast; dêre);
2. as men it yn ferbân bringe kin mei *dermei, derfan, derút*, ensfh.: Hy kin him *der* wol mei rêde (dermei); Hy hat *der* mar in slach nei slein (dernei); Hawwe jimme *der* wol goed oer neitocht (deroer)?
3. as de sin *dermei* begjint of nei omsetting (ynferzje) mei begjinne kinne soe: *Der* hat ien oan de doar west: Der leit wat ûnder de tafel; *Der* wie gjinien mear oer; In jiermannich lyn wie *der* by uzes in jonkje útfanhûs (*Der* wie in jiermannich lyn ...).

Oer it generaal is it lykwols sa: Kinne wy *der* likegoed weilitte, dan **moatte** wy it weilitte. Foarbyld: \*Wa giet *der* mei?; \*Ik haw *der* noch wol ien.

5. It *oanwizend* foarnamwurd dat heart as 'dot' [dɔt] mei de 'o' fan hok útsprutsen te wurden (foar de bylûden út **s o l d a t e n**: s, l, d, t, n), mar yn jongere wurden wurdt gauris it Hollânske lûd realisearre (bgl. yn *gas, bad*).

De wurden *dizze, dit, dy* en *dat* wurde oars brûkt as yn it Hollânsk. Benammen as it foarnamwurd weromwiist nei eat dat earder neamd is (in antesedint), brûke wy meast *dy* en *dat*. Itselde jildt foar de bywurden *hjir* en *dêr*. *Dit* wiist mear foarút yn it Frysk: Ik sil dy *dit* sizze jonkje, asto it wer dochst dan pak ik dy! Yn it Hollânsk is it wenst en sis: 'Hij moet nog tien kilometer fietsen. *Dit* valt hem raar tegen.' Yn it Frysk wurdt dat: *Dat* falt him raar ôf. In oar foarbyld: 'Leeuwarden is de hoofdstad van de provincie. *Deze* stad telt ongeveer 85.000 inwoners.' Yn it Frysk moat dat bygelyks wurde: Yn *dy* stêd wenje sa likernôch 85.000 minsken. *Dy* (stêd) wiist werom op it earder neamde Ljouwert.

### 8.3.3. Opdracht mei foarnamwurden

A. Set oer yn it Frysk.

1. Men is van mening dat zoiets in het Fries niet gepast is.
2. Zij vergist zich.
3. Ik was me 's morgens niet, maar ga onder de douche.
4. Dat men teleurgesteld is over het advies, daar kan men inkomen.
5. Men doet zijn best, maar voor de kinderen zou je je schamen.
6. Men heeft het mij gisteren laten zien.
7. De anderen hebben het gemakkelijker dan ik.
8. Zal mijn (je) werk goed gaan, dan moet ik (je) er zelf bij blijven.
9. Men kan hem moeilijk laten betijen.
10. Hier spreekt men Fries!
11. Gemiddeld komen er nogal wat mensen in het Posthuis.
12. Wij hebben elkaar heel wat te vertellen na zoveel jaren.

B. Is it brûken fan *der* goed of ferkeard?

1. Ik haw der mar fjouwer sjoen.
2. Jou my der ek mar in pear.
3. Mannichien kaam der te let op syn wurk.
4. Doe wiene der noch gjin auto's.
5. Der binne der (guon), dy't gjin hynstefleis meie.
6. Al wa't der kaam, Pyt fansels net.
7. Ik wit der suver neat fan.
8. Hast eltsenien hat in fyts en wa't der gjin hat, dy sil der noch wolris ien krije.
9. In pear jier ferlyn wenne der yn Drachten in bekende boargemaster.
10. Dat hûs hat der al lang stien.
11. Der hat ien oan 'e doar west.
12. Wy hiene tocht, dat wy wol acht ton fan in hektare ôfhelje koene, mar wy meie bliid wêze, as it der seis binne.
13. Doe wie der al lang wer fuort.
14. En dat woed er net leauwe. (sjoch ek *Stavering* par. 17.2.1.)

C. Wat moat it wurde: *dy, dat, dizze, dit* of *dêr*?

Soms is it mooglik beide wurdsjes te brûken, de betsjutting is dan net hielendal gelyk. Besykje om dat yn sa'n gefal ek oan te jaan.

1. Yn 'e Súdwesthoeke lizze de lytste stêden fan Fryslân. Wa kin (*dizze, dy*) (*hjr, dêr*) opskriuwe?
2. 'Feroaring fan lucht' is in ferneamd boek. Durk Snoad spilet (*hjr, dêr*) de haadrol yn.
3. De boeken dy't (*hjr, dêr*) op 'e tafel lizze, binne moaier as (*dy, dizze*) yn 'e kast.
4. 'Fan Fryslâns ferline' is skreaun troch H. Twerda. (*Dit, dat*) boek steane in protte ferhalen oer ús skiednis yn.
5. Om 'e Sweach hinne binne in bulte bosken. (*Hjirom, dêrom*) mei ik (*hjr, dêr*) graach ris in middei hinne te fytsen.
6. Wat is (*dit, dat*) in aardich famke dat dêr de dyk del fytst.
7. Us heit wie fan 'e moarn sa stiif as in doar. Wat moat men (*hjr, dêr*) oan dwaan?
8. Yn (*dizze, dy*) les giet it oer oanwizende foarnamwurden. Sjoch (*hjirom, dêrom*) earst nochris goed wat (*hjr, dêr*) boppe oer sein wurdt.
9. (*Dit, dat*) hûs, dêr 't wy no foarsteane, komme nije minsken yn; (*dit, dat*) dêrnjonken wenje al jierren deselde minsken yn.
10. (*Dizze, dy*) litte it earst hielendal ferbouwe.
11. Wy wenje al mear as tweintich jier yn (*dit, dat*) doarp. En it foldocht ús (*hjr, dêr*) noch altyd skoan.
12. It hûs moat ferve wurde, (*dêr, hjr*) moat de ferver oer gear.
13. (*Dit, dat*) sis ik jim, jimme moatte (*hjr, dêr*) bliuwe te boartsjen en net witwêr hinne swalkje.
14. Wa wie Gysbert Japicx? (*Dizze, dy*) fraach moat Philippus mar ris beânderje.

### 8.3.4. Telwurden en ynterferinsjes

1. Fan de *haadtelwurden* wiene *ien, twa* en *trije* yn it Aldfrysk bûchber, fan oare koe in genityf foarme wurde. Fan al dy bûgingsfoarms is mar in bytsje oerbleaun. Wy hawwe yn it Nijfrysk in âlde (adverbiale) genityf *iens*: net *iens*, it *iens* wêze (wurde). Wy sizze *twaresom, trijeresom, fjouweresom, fivesom, seizesom*, ensfh. It earste diel stiet yn de genityf (letterlik: *de som fan twa, trije*; tsjintwurdich: mei *har* of *ús* twaen, trijen, ensfh.).

Yn (Noarder-, Suder-)trimdiel, út Aldfrysk *thrim-*, *trim delum*, en yn Trynwâlden, út Aldfrysk *thrim-*, *trim waldum*, is in âlde tredde namfal meartal (datyf plur.) bewarre.

2. By tiidsoantsjittings (mei in ferhâldingswurd derfoar) brûkt it Frysk de telwurdsfoarm + *en*: foar *ienen*, oer *twaen*, kertier oer *sânen* ('kwart over zeven'); it is by *seizen*, om *healwei achten*.

Tink om: tweintich oer *ienen* ('tien voor half twee'; \*'tsien foar healwei twaen' kin net); tweintich foar *trijen* ('tien over half drie'; \*'tsien oer healwei trijen kin net). Ferlykje dat lêste ris mei it Ingelsk. It is (bard) tusken *fiwen* en *seizen* ('tussen vijf en zes'). Wy geane mei *ús* trijen, *hja/sy* mei *har* fjouweren en jimme mei *jim* fiwen.

3. Yn it Frysk kin sein wurde: *in stik twa*, *in stik twa trije*, *in stik of fjouwer*, *in stikmannich*.

4. Lânnammen: de *five*, de *achte*, de *treddeheal* (safolle pûnsmiet).

5. Substantivearrings mei in ferlytsingsútging: in healtsje (in heale sint), dûbeltsje (dûbelstoer), kwartsje (kwart gûne), tsientsje, hûndertsje; in ientsje, twake, trijke (ljipaaien); in healfearntsje.

6. Tiidwurden: *ienje* (op *ienen* sette), *bite-ienje*, *ferienigje*, *fjouwerje*, *ienentweintigje*, *tachtigje*.

7. Inkelde ûnbeskate haadtelwurden binne: *inkelde*, *ytlike*, *guon*, *in pear*, *in bytsje*, (*moai*) *wat*, *ûnderskate*, *ferskate*, *gâns*, *in soad*, *in protte*, *in bulte*, *in heap*, *mannich*, (fierste[nte], net) *folle* (minsken), *alle* (alle minsken binn' myn bruorren; *alle* iten is op), *al* (*al* ús buorlju; *al* it wetter). Sels echte beskate telwurden kinne ûnbeskaat wurde: yn sânen hasten, ik krige hûndert goede rieden.

8. *Ien* hat gjin 'eigen' rangtelwurd. Brûkt wurde: *earste* (tiidsoantsjutting), *foarste* (plakoantsjutting). Ferlykje ek: *iennichste*.

Foar *twadde* wurdt ek *oarde* (Aldfrysk ek *lettera*) skreaun. Oare beskate rangtelwurden: *twad(d)e*, *tredde*, *fjirde*, *fyfte/fyfste/fûfde*, *sech(s)de/sech(s)te/segde/seisde* (jo standertfoarm?), *sânde*, *achtste*, *njoggende*, *tsiende*, *alfte/alfste/alfde*, *tolfte/tolfste/tolfde* (foarkar?). De tallen 13 oant en mei 19 hawwe in rangtelwurd op *-de*; fan 20 ôf is it efterheaksel altyd *-ste*.

Der binne net folle *ûnbekate* rangtelwurden: *safolste*, *hoefolste*, *hoemannichste* (hokfoar *mannichste* hawwe wy hjoed?), *middelste*, *lêste*. Lege rangtelwurden kinne ek selsstannich brûkt wurde: ik wie *earst*, *twad*, *tred*, *fjird*. Foar hegere tallen wurdt it amper brûkt.

9. Oardeheal/oardel ('een en een half', de twadde heal); trêdeheal/treddel ('twee en een half', de tredde heal); syn praat en *treddel* sint makket mei-inoar in botsen, 'hij heeft onnozel praat', fjirdeheal (= 3,5); in *fearn* (it fjirde part), in *fearn* (twi)bakken (26 stiks), in *fearn* kowefleis (it fjirde part fan in ko as slachtbist), in *fearn* lân (in fjirde pûnsmiet).

10. In *snies* aaien, hjerrings (20 stiks): Sokken geane ienentweintich fan yn in *snies* (lytsachtsjend sein fan beskate lju), in *pear* skuon, in *broed* ljipaaien (4 ljipaaien yn ien nêst); in *tal* turven, hjerrings (200 stiks), in *tal* kreakelings, twibakken (104 stiks).

### 8.3.5. Oersetopdracht

Set de folgjende sinnen yn it Frysk oer.

1. Er wordt veel te weinig aan overleg gedaan.
2. Kunnen er niet enkele mensen op dat onderzoek worden gezet?
3. Hoeveel gaat dat eigenlijk kosten?
4. Gaan ze er met zijn tweeën of met zijn vieren heen?
5. Alleen het onderzoek moet volgens ons al veel te veel kosten.
6. Zo, werk jij op de vijfde verdieping?
7. Ik wil het jou in de eerste plaats vertellen.
8. Ik heb niet veel zin in die computercursus.
9. Er moet nog veel aan gedaan worden.
10. Het is tien over half vier.

### 8.3.6. Ferhâldingswurden en ynterferinsjes

1. Fryske *ferhâldingswurden* (preposysjes, 'voorzetsels') binne: efter, by, binnen, boppe, bûten, fan, foar, yn, lâns, mank, mei, neffens, nei, neist/nêst/njonken, oan, o(a)nt, oer, ôf, om, op, sûnt, sûnder, ta, te, troch, (ts)jin, tusken, ûnder, út. Ferskate komme ek as bywurd (adverbium) foar. Ferhâldingswurden jouwe almeast in relaasje oan tusken in selsstannich wurd en in oar diel fan de sin, en komme dan faak yn mear as ien betsjutting foar, bgl. *foar* hûs, *foar* tolven, dat is *foar* dy, *foar* wat heart wat.

Se steane ek wol foar net-selsstannige wurden, bgl.: Hy is net *fan* juster, it is de krante *fan* fan 'e moarn: Dat is *te* weagjen; De pine wie net út *te* hâlden; Dat is *om* breinroer te wurden; Ik kom *om* jo de hier te jaan; Ik haw der neat gjin sin oan *om* fuort; Hy frege *om* my; Ringen *om* yn 'e earen.

2. By ferba en adjektiven kinne konstruksjes foarkomme mei in fêste preposysje, bgl. hoopje *op*, tinke *oer*, tinke *om*, leauwe *oan*, ophawwe *mei*, slij *nei*, keken *op*, bang *foar*, bang *fan*, ensfh.

Op te merken is de sinkonstruksje: Fatsoen wit er net *fan*; Weromjaan prate wy net *oer*; Dat boek is neat *oan*. Te ferlykjen is: *Dêr* wit er ne(a)t *fan*.

*Preposisjonele* útdrukkings kinne de betsjutting hawwe fan in *adjektyf*, bgl.: Wibe is net *by de tiid* (= sûn); Tsjerk is wat *út stel*; Dat is wer alhiel *op stel*, *yn oarder*; Ik bin der mei *te set*, *te wurk*; Hy is *dêr yn oansjen*. Benammen by it tiidwurd *wêze* komme dy útdrukkings foar, mar ferl.: Hy *sit yn 'e* lytse loege; Hy *rekke yn it* ûnleech.

### 8.3.7. Opdracht mei ferhâldingswurden

Wat moatte yn ûndersteande sintsjes de goede ferhâldingswurden wêze?

1. Tot safier wiene wy kommen.
2. Tot jo tsjinst!
3. Hoe let giesto altyd nei en hoe let komsto út bêd?
4. Volgens my bisto mis.
5. Omstreeks ien oere sil it heve.
6. Us ferwachtings omtrint de takomst binne ûndúdlik.
7. Sinds juster is dat sa.
8. Foar my hoecht dat sa net mear.
9. Rûn trije oere wurdt de stilte rûn syn persoan ferbrutsen.
10. Hy nimt wat yn tsjin de pine.
11. Wy rûnen mei in kollekte lâns de doarren.
12. Kinsto wol tsjin in grapke.
13. Wat haw ik dêr in sin yn!
14. Wy kuieren rûnom it doarp.
15. Fanôf hjir kinst it nèt goed sjen, fanút de keamer wól.
16. Tidens de les mei der net praat wurde.
17. Dêr hasto gelyk yn.
18. Fanôf acht oere wie it resepsje en fanôf dy tiid wie

- it tige drok.  
19. Yn Lemmer komme in protte bûtenlanners.  
20. Politisy prate faak lâns inoar hinne.  
21. Kees siket nei syn bûsmês.  
22. Arjen leaut net mear yn Sinteklaas.

23. Rixt kin net tsjin ierdbeien.  
24. It wetter rûn lâns de muorre.  
25. Bisto bang foar dy hûn?  
26. Tink goed oan Pyt, dat er net falt!

Ferlykje jo ferbetterings mei dy fan de oaren út jo groepke.

### 8.3.8. Optracht út Wurdlist foar it offisjele ferkear

Learmiddel: *Wurdlist foar it offisjele ferkear* (1989).

A. Wat moatte ûndersteande wurden en útdrukkings yn it Frysk wêze?

- |  |                                 |
|--|---------------------------------|
| 1. handelingsbekwaam zijn                | 26. een uitkering ineens        |
| 2. handout                               | 27. ingebrekestellen            |
| 3. iets hard maken                       | 28. inkomensmatiging            |
| 4. hardheidsclausule                     | 29. in pandige aanpassingen     |
| 5. iemand in hechtenis nemen             | 30. een in pandige garage       |
| 6. een hellend vlak                      | 31. ins en outs                 |
| 7. herbezetting                          | 32. inschatten                  |
| 8. er moet een herbezinning plaatsvinden | 33. inseinen                    |
| 9. het beleid herijken                   | 34. instantoplossing            |
| 10. zich herkennen in                    | 35. instuif                     |
| 11. heroverwegen                         | 36. intakegesprek               |
| 12. herscholing                          | 37. interface                   |
| 13. holding (company)                    | 38. intredebericht              |
| 14. zonder hoofdelijke stemming          | 39. inverteffect                |
| 15. hoogstandje                          | 40. invullen                    |
| 16. hoogwaardigheidsbekleder             | 41. de dag van inwerkingtreding |
| 17. horizonvervuiling                    | 42. issue                       |
| 18. wet, houdende regels betreffende     | 43. item                        |
| 19. huisvredebreuk                       | 44. jaarwedde                   |
| 20. huisvuilverwerking                   | 45. jeugdconsulent              |
| 21. huurderving                          | 46. jeugdwerk garantieplan      |
| 22. huwelijkse voorwaarden               | 47. jeugdwerkloze               |
| 23. identiteitsvervaging                 | 48. artikel 4 juncto artikel 5  |
| 24. inbreiplan                           |                                 |
| 25. een indringende beschouwing          |                                 |

Ferlykje jo oersetting mei dy fan de oaren en mei de *Wurdlist* (s. 33-39). As jo der aardichheid oan hawwe, lêse dan de rest fan de *Wurdlist* (thús) ris troch en aksintuearje mei in stift de wurden en útdrukkings dy't jo net kenne en wolris brûke kinne soene.

### 8.3.9. Griemank út Op 't aljemint of oare boarnen

*ûnder(en)* en *boppe(n)*

*Under* en *ûnderen*, *boppe* en *boppen* moatte goed útinoar holden wurde. Min ofte mear it karakter fan 'op dat plak', 'dêre' hawwe *ûnder* en *boppe* yn sinnen lykas: *Boppe* de greide fljocht in ljip ('plak'); Hy krige *boppe* it gewoane lean wolris in tsyske ('der oerhinne'); Ik wenje *boppe/ûnder* Ljouwert; *Boppe* Aldeboarn hjit de Boarn fan it Alddjip; *Boppe/ûnder* hat er noch trije kiezen; Hy stonk in oere *boppe* de wyn; Do moatt *boppe/ûnder* bliuwe; Fryslân *boppe*; De bal is *boppe*; Efkes letter kaam er wer *boppe*; Dat giet alles te *boppe*; Wy komme dat wol wer te *boppe*. Mar 'men' komt fan *boppen/ûnderen* of *giet nei boppen/ûnderen* (ta) (nei *ferhâldings*wurden lykas *fan* en *nei*): Mei immen *fan/nei boppen* komme. Ferl. ek: Dat wurdt fan *boppen* ôf regele; Ik sit oan *boppen* ta fol (mei emoasjes).

In *rjochting* (en in *ferhâldings*wurd) sit ek yn: De *trep nei ûnderen* (ta) nimme; *Fan boppen* (ôf) *nei ûnderen* (ta) wurkje; *Fan ûnderen* op wurkje. In *e(n)* wurdt ek tafoege by de betsjutting 'van onderen, van beneden, uit de laagte, de onderkant, het onderlijf': Dat lûd kaam *fan ûnderen*; It is *fan ûnderen* wider as *fan boppen*; It smert him *fan ûnderen*; *Fan ûnderen* iepen wêze.

### út

‘Jaar **in**, jaar **uit**’, Ingelsk: ‘day in, day out’ is yn it Frysk: jier **út**, jier **yn**; dei *út*, dei *yn*; Dútsk: ‘tagaus, tagein’. ‘Op een draf, dravende’, út ’en draaf. ‘In geen geval’, út ’er stee net. ‘Ongesteld’, út ’e rêding. ‘Om bestwil’, út goederbêst; se rint de keamer *út* en yn en dat wol ik *út* noch yn net lije.

*Utrikje* is ‘uitroken’: Dy murd moat mar útrikke wurde; De kachel rikket nochal út, it is allegearre reek. *Utrikke* is uitreiken’: De diploma’s en de prizen wurde útrikt. Tink om it mulwurd: \*Utrikke diploma’s stjonke (fan ’e reek)!

### wei

‘Vandaan’ moat yn it Frysk mei it bywurd *wei* oersetten wurde: ‘Hier, daar vandaan’, hjir-, dêr*wei*. ‘Waar kom je vandaan?’, wêr komst wei? ‘Hij komt uit Maastricht vandaan’, hy komt út Maastricht *wei*.

‘Vanuit’ is yn it Frysk ‘út ... wei’. ‘Vanuit de kamer’ wurdt yn it Frysk: *út* ’e keamer *wei*. ‘Vanwaar komt hij?’, wêr komt er *wei*? ‘Een kamer vanwaar men op bos uitziet’, in keamer dêr’t jo *út* *wei* op bosk útsjogge; De útfear sil wêze op sneon 12 augustus o.s. de moarns 10 oere út ’e Parochytsjerke *wei* fan de H. Michaël te Wâldsein. Ferl.: ‘Vanwaar de zon opkomt’, fan dêr’t de sinne opkomt.

Ferlykje ek de splitsste preposysje *fan ... ôf* mei de net-splitste Hollânske ‘vanaf’ as it slacht op *tiid* en *plak*: ‘Vanaf acht uur’, *fan* acht oere *ôf*; ‘Vanaf mijn tiende jaar’, *fan* myn tsiende jier *ôf*; *fan* 1900 *ôf*; Start: de moarns *fan* 10 oere *ôf* yn Earnewâld; Wa’t ús lokwinskje wol, is tige wolkom *fan* 20.30 *ôf* yn Hotel Oostergo; *Fan* Snits *ôf* gong it hurder; *Fan* dat dún *ôf* kinne jimme de see moai sjen.

### wer-

De Fryske wurden ‘*Wertrouwe, werbeneame, werkieze, werstimme*’ krije yn it Hollânsk ‘her-’, ‘*hertrouwen*’, ensfh. Ferl. ek: it *wereksamen, werhelje, werbringe, werbrûkpapier, werdoper, werferkavelje, werferkeap, werfraach, werjefte, werkeare, werkenber*, ien *wer(om)kenne* (‘herkennen’), ensfh. ‘Ik herkende hem niet meer’, ik *koe* him net *wer(om)*.

### wierskynlik

Foar ‘naar alle waarschijnlijkheid’ kin yn it Frysk ek brûkt wurde: *nei alle gedachten* (sit wòl in Hollânsk luchje oan), *nei alle tinken, fan tinken, tink, foar ’t neist(e), fan neisten, nei alle wierskyn, nei alle wierskynlikheid*.

### weardich en wurdich

*Weardich* is ‘waardig’ of ‘van waarde’: Op *weardige* wize; in *weardige* hâlding; eat *weardich* betinke; *weardich* guod. *Wurdich* is ‘waard’: Dy lessen binne gjin sint *wurdich*; Dat is (gj)in lokwinsk *wurdich*; It is it neamen net *wurdich*.

### ‘zodat’ en ‘opdat’

It bynwurd *sadat* bestiet ek yn it Frysk neffens WB-I, mar WB-II hat it der net op stean en jout allinnich de konjunksje ‘*dat (waarna een hoofdzin)*’: ‘Ik ben ziek, *zodat* ik niet kan komen’, ik bin siik, *dat* ik kin net komme, *dat sadwaande* kin ik net komme. *Dat* brûk de wurdboeken kritysk!

Yn *Styl en Stavering* seit Tamminga itselde: ‘It Hollânske bynwurd *zodat* is yn it Frysk *dat*; de bysin kriget de wurdskikking fan in haedsin’ (s. 88). Hy jout in stikmannich foarbylden: It begûn te reinen, *dat* de fytsers wiene al gau oan it fel ta trochwiet; Ik wie betiid nei hûs (ta) gongen, *dat* ik koe net sizze wat der neitiid bard wie; Hy hie al syn jild by dy bank útstean, *dat* hy siet raar yn ’e knipe; De silers hiene alle dagen sinnebaaid, *dat* se wiene nei de fakânsje sa brún as Turken.

Meastentiids kin datselde bynwurd *dat* ek it bywurd *dus* ferfange. Inkelde foarbylden: ‘De verkeerspolitie is tegenwoordig druk in de weer; je mag er *dus* wel goed op letten altijd rechts te houden’, de ferkeerspolysje is tsjintwurdich tige warber, *dat* do meist der wol goed om tinke en hâldt altyd rjochts; Sneon binne jimme behindere, *dat* jimme komme in wike letter; *Dat* wy prate ôf (‘wij spreken dus af’): om acht oere allegearre oanwêzich; Twa kear sproeid en noch allegearre blêdlús, *dat* it jout neat (‘het geeft dus niets’).

It Hollânske bynwurd ‘opdat’ is yn it Frysk ek *dat*. De bysin hâldt de **gewoane wurdskikking**: ‘Je moet er naar toe gaan, *opdat* er een eind komt aan dat geschreeuw’, Do moastst derhinne gean, *dat* der in ein komt oan dat geraas; En no suniger libje, *dat* jimme jim skuld ôflosse kinne; ‘Fallen yn de striid ûnrjocht en slavernij, *dat* wy yn frede foar rjocht en frijheid weitsje’; Wêrom gjin wurkferskaffing, *dat* loaiens ús folk net de baas wurdt?; ‘Meie wy by de sûnde bliuwe, *dat* de genede tanimme mei?’ (Rom. 6:1). Neffens de nije bibeloersetting út 1978 (s. 1566): ‘*Dat* wy oanhâlde moatte mei sündigjen om de genede oanwinne te litten?’.

### 8.3.10. Taalsoarch

P. Duijff hat in aardich boekje skreaun oer *Fries en Stadsfries* (Den Haag: Sdu Uitgevers, 2002). Op in ienfâldige wize jout er bysûnderheden fan de Fryske *skiednis*, de *lûden*, de wurden en *wurddielen*, de *sinnen* en de *praters*. Foar ús doel binne in stikmannich *taalregels* foar wurden en *sinnen* fan belang.

#### Wurden

##### Tiidwurden

De groep fan ûnregelmjittige tiidwurden wurdt foarme troch de saneamde *sterke* tiidwurden dy't yn de doetiid en de folsleine tiid in *oar stamlûd* hawwe as yn de notiid (rin-rûn-rûn) en de ûnregelmjittige *swakke* tiidwurden. De groep tiidwurden dêr't de ynfinityf fan einiget op *-n* (gean-gong/gie-gongen/gien), is ek ûnregelmjittich. *Meitsje* is in ûnregelmjittich *swak* -je-tiidwurd (meitsje-makke-makke). It liket sterk, mar is it net. Yn it Aldfrysk is de ynfinityf noch *makia*, mei [a] en mei [k]. Der hat in oergong west fan [k] nei [ts]. Dy oergong is noch te merkbiten. Yn de doetiid en de folsleine tiid is de [k] bewarre bleaun, yn de ynfinityf en in part fan de notiid is dy yn in [ts] feroare (jo, wy, jimme, hja *meitsje*). Under ynfloed fan [ts] is de [a] oergongen nei [ei].

##### Eigenskipswurden

Der is ferskil tusken: de *âlde* man en de *âld* man. En ek tusken it *jong* hynder en it *jonge* hynder. By de foarm sûnder *-e* is der sprake fan in beskate subjektive, yntime ferbûnens. By de bûgde foarm is de ferhâlding mear neutraal en saaklik.

Eigenskipswurden foar *ûnsidige* wurden wurde yn it Frysk ornaris ferbûgd as der in bepalingswurd foar stiet: *dat moaie blomke*, *it wite hynder*. As dat bepalingswurd bygelyks in *besitlik* foarnamwurd is, dan wykt it Frysk ôf fan it Hollânsk: *ús nij hûs*, *har moai blomke*, *myn wyt hynder*, *syn swart bosk hier*, *dyn blau jaske*.

##### Persoanlike foarnamwurden

It persoanlik foarnamwurd *jo* kin nea brûkt wurde by it oansprekken fan in *selskip*. Dat kin mei it Hollânske *u* wol. In groep wurdt yn it Frysk oansprutsen mei *jimme*.

It foarnamwurd *do* ferdwynt faak foar de persoansfoarm: [Do] 'Kinst wol fuortgean'. Efter de persoansfoarm kin it ek ferdwine: 'Dat hiest [do] net tocht!' Efter ûnderskikkende bynwurden kin *do* ferswakje ta *-st(e)*: 'Ik wit wol *datst(e)* [datst do] fuortgongen bist.'

It ûnbeskate foarnamwurd *men* kin yn it Frysk ek foar de *earste* persoan stean (de sprekker sels): *Men* wurdt [= *Ik* wurd] hjir al gau foar gek oansjoen; Op myn jierren sjocht *men* [= sjoch *ik*] sa krekt net mear. Yn de twadde persoan inkeltal wurdt *men* brûkt yn de sin: Wol *men* [= Wolst *do/wolle jo*] efkes de pinne krije, dan kin *men* [= kinst *do/kinne jo*] daliks de akte tekenje. De kontekst jout oan hokfoar persoan oft der krekt bedoeld wurdt. It is ek mooglik dat *men* de sprekker/skriuwer útlút: 'Yn 1668 joech *men* [= joegen se] it boek út'.

##### Foar- en efterheaksels

It Frysk hat lykas it Hollânsk it efterheaksel *-heid*, ek útsprutsen as [-hyt], en dêrnjonken *-ens*, dat besibbe is oan it Ingelske *-ness*. Dat *-ens* foarmet yn kombinaasje mei eigenskipswurden *net-telbere* haadwurden. Troch de beheining 'net-telber' is it brûken fan *-ens* en *-heid* net gelyk. De wurden *ûnseedlikens* en *ûnseedlikheid* binne beide mooglik yn de betsjutting 'it ûnseedlik-wêzen', wylst by de betsjutting 'ûnseedlike hanneling', as der *teld* wurde kinne soe, *ûnseedlikens* net tastien is en *ûnseedlikheid* wol.

Yn it Frysk kinne wurden mei *-fol* (hanfol) ek noch yn it *meartal* foarkomme: *hanfollen* euro's hat er ferskiten; *busfollen*, *karfollen*, *hûsfollen*, *pûdfollen*, *skipfollen*. Soks kin yn it Hollânsk net. Boppedat is *-fol* yn it Frysk folle produktiver as *-vol* yn it Hollânsk.

In typysk Fryske gearstalling is de saneamde *nomenynkorporaasje*. Dan kin in *haadwurk* mei in *tiidwurd* in nij selsstannich tiidwurd foarmje dat tagelyk *ûnskiedber* is. Tink oan bygelyks *ier(d)appeldolle/jirpeldolle*. Sûnder probleem kin men sizze: *ik ierdappeldol*, *ik ierdappeldolde*, *ik haw ierdappeldold*. Oare foarbylden binne: *beamseagje*, *komelke*, *boekskriuwe*, *hûsfervje*, *sokstopje*.

#### Sinnen

##### Tiidwurdsfolchoarder

As in meidieling yn in *bysin* stiet, is der folchoarderferskil tusken it Frysk en it Hollânsk as der mear as ien *tiidwurd* yn sit. Yn de Fryske *bysin* stiet it *helptiidwurd* altiten *efteroan* en alle tiidwurden steane *rjochts* fan it kearntiidwurd. Der is spjegeling mei de Hollânske folchoarder: [...] dat er in glês bier *dronken hat* (*heeft gedronken/gedronken heeft*). It

Frysk hat konsekwint de seaneamde *griene* tiidwurdsfolchoarder ('dronken hat'), wylst it Hollânsk almeast de *reade* hat ('heeft gedronken'). De *reade* folchoarder yn it Frysk is in *syntaktysk* ynslûpsel (ynterferinsje; hollânisme) en moat dus bestriden wurde.

Oare foarbylden: [...] dat er oer syn eigen fuotten *stroffele is* (*is gestruikeld*/gestruikeld is); [...] oft er dat *sein hawwe kinne soe* (zou kunnen hebben gezegd); [...] oft er dat wol *dwaan litte kinnen hawwe soe* (zou hebben kunnen laten doen). In sin as 'Ik zou hebben zien blijven staan kijken', mei *seis* tiidwurden, is yn it Frysk tefolle fan it goede. Soks wurdt dan bygelyks: Ik hie dy wolris *sjen wollen* wylst *stean bleaunst te sjen*; [...] *stean bleauste te sjen*.

'Ze heeft de hele avond *zitten lezen*' wurdt: 'Hja hat de hiele jûn *sitten te lêzen*'. *Sitten* is in mulwurd en *zitten* net. Yn de *folleine* tiid (mei *hawwe* en *wêze*) ferskynt yn it Frysk in ôfslutend *mulwurd*: '[...] dat ik it net sjen *wollen* (*wold*) *haw*' en yn it Hollânsk in *ynfinityf*: '[...] niet heb *willen* zien'. Ferl.: Ik haw him dat sizzen *heard* (Ik heb hem dat *horen* zeggen); De kleden binne hingjen *bleaun* (... zijn blijven *hangen*); De jonge hat it falle *litten* (... laten *vallen*); Do bist sitten *gongen* (... gaan *zitten*).

#### *Ferhâldingswurden efter in plak- of tiidsbepaling*

Yn 'Hy huppele de dyk *del*', stiet it ferhâldingswurd ('voorzetsel') *del* efter in bepaling fan *plak* ('dyk'). Dat kin yn it Hollânsk net; dan moat it 'voorzetsel' derfoar stean: 'Hij huppelde *langs* de weg'. Ferlykje: Hy moat om seis oere *hinne* noch yn libben west hawwe (Hij moet *omstreeks* zes uur ...; tiidsbepaling); De hûn swimt de feart *oer* (... *over* de vaart; plakbepaling).

#### *Namfalskonstruksjes*

De twaddenamfalskonstruksje '*mijn* mond is droog van de dorst', kriget yn it Frysk gjin twadde namfal ('*myn* mûle', mar '*de* mûle' en in *tredde* namfal: '*de* mûle is *my* [3<sup>de</sup> namfal] droech fan 'e toarst'. Ferlykje: *De* bril siet *my* bryk op 'e holle (Mijn bril zat scheef op mijn hoofd); *De* jonge pluze *him* de noas skjîn (De jongen peuterde z'n neus schoon).

#### *Dûbelde ûntkenning*

Oars as yn it Standertnederlânsk is de *dûbelde ûntkenning* normaal yn it Frysk. De dûbelde ûntkenning jout faak in *fersterking* oan. Foarbylden: Ik haw der *neat gjin* sin oan; Jimme hawwe *nimmen net* sjoen; De fertochte hat neffens de rjochter *neat net* ferkeard dien; De fâd hat *nimmen net* in sint te min jûn.

#### *Gearstalde sinnen dy't net yn it Standertnederlânsk foarkomme*

It is yn it Frysk hiel goed mooglik en brûk yn in bysin de wurdfolchoarder fan in haadsin. Sa'n sin liket op sinnen mei de *direkte rede*: Ik sei: 'Hy giet no fuort'. It earste haadsintype is: Ik sei, hy soe no fuortgean. In oar haadsintype hat ek noch in *ûnderskikkend bynwurd*: Hy sei, *dat* hy soe no fuortgean. Yn beide sinnen kin der praat wurde fan ûnderskikking, mar de persoansfoarm stiet net, lykas normaal yn in bysin, op it lêste plak.

#### *In twadde type is in sin mei in saneamde en + ymperatyfkonstruksje*

Twa sinnen kinne *ûnderskikkend* en *lykskikkend* mei it bynwurd *en* ferbûn wurde, wylst it part dat mei *en* begjint, yn de *ymperatyf* stiet.

*Underskikkend* binne: It liket op neat *en jei* sa hurd; Ik slach jo foar *en keapje* dit hûs; Nei in wike wied er sa fier *en rin* wer in eintsje. As der sprake is fan *ûnderskikking*, kin de sin ienfâldich omset wurde yn ien mei in *om te*-konstruksje: It liket op neat *om* sa hurd *te* jeien; Ik slach jo foar *om* dit hûs *te* keapjen; Nei in wike wied er sa fier *om* wer in eintsje *te* rinnen.

*Lykskikkend* is: Hy koe syn grinzen *en nim* in dei frij.

### **8.4. Eigen wurk (30-45 min.)**

Behoffenje wer yn in groepke ien of twa eigenmakke teksten.

## Korreksjebled(en) opdrachten les 8

### 8.1.5. Staveringsopdracht

*Korreksje:*

haz-ze, bar-re, mas-ter, oar-der, wyl-dens, wach-ter, tan-ge, wyl-ge-beam, reag-je, rôv-je, brim-stich, ing-ster, woar-sten, oar-tsen, fluen-skens/fleon-skens, Gryk-ske, leed-zje (it leed), boar-tsje, moar-tsje, wed-zje, wrinz-gje, sal-vje, faas-je, kon-tri-bús-je, ga-raaz-je, te-le-vyz-je, loaz-je-mint, ko-meed-zje, stúd-zje, glet-sjer, ga-os, dû-a-ne, pi-a-ma, boe-ket, tû-pet, to-nyn, a-bri-koas, a-kwa-dukt, bû-zjy, re-tû-sjear-je, dû-blet, re-zjym, ne-gli-zjee, kwest-jeus, ser-sjant, pos-jeartje, pos-tuer, jus-tys-je, bud-zjet, re-vo-lu-sjo-nêr

### 8.2.1. Tiidwurde-opdracht

Ferlykje jo ferbûging fan de tiidwurden *slûpe* oant en mei *strike* mei dy fan *Tiidwurden* (s. 59-63) en dy fan de *Beknopte Friese vormleer* (s. 66-68). Doch itselde mei de tiidwurden *swije* oant en mei *write* (*Tiidwurden*, s. 63-68; *Beknopte Friese vormleer*, s. 68-71).

### 8.3.3. Opdracht mei foarnamwurden

A.

1. Hja (sy, se, de minsken, de lju) ornearje (binne fan betinken) dat soks yn it Frysk net sa heart.
2. Hja (sy, se) fersint har.
3. Ik washje my moarns net, mar gean ûnder de brûs.
4. Dat hja (sy, se) teloarsteld binne oer it advys, dêr kin men [slút 'ik' yn] ynkomme.
5. Hja (sy, se) dogge har(ren) bêst, mar foar de bern soe men jin skamje.
6. Hja (sy, se) hawwe it my juster sjen litten.
7. De oaren hawwe ik makliker as (!) men.
8. Sil jins wurk goed gean, dan moat men der sels by bliuwe.
9. Men kin him slim (min) gewurde litte.
10. Hjir wurdt Frysk praat (*sprutsen* wurdt brûkt as it wat offisjeler wurdt).
11. Trochinoar komme der nochal wat minsken (lju) yn it Posthûs.
12. Men hat inoar hiel wat te fertellen nei safolle jier.

B.

1. ferkeard; 2. ferkeard; 3. goed; 4. goed; 5. ferkeard; 6. goed; 7. goed; 8. ferkeard; 9. goed; 10. goed; 11. goed;
12. ferkeard; 13. ferkeard→er; 14. goed

C.

1. dy; hjir/dêr; 2. dêr; 3. hjir/dêr; dy; 4. dat; 5. dêrom, dêr; 6. dat; 7. dêr; 8. dizze [wiist foarút], dêrom, dêr; 9. dit, dat; 10. dy; 11. as it sein wurdt yn it doarp: dit, hjir; as it sein wurdt bûten it doarp: dat, dêr; 12. dêr; 13. dit [wiist foarút], hjir/dêr [hinget fan 'e situaasje ôf]; 14. dy

### 8.3.5. Oersetting mei telwurden

1. Der wurdt fierste(nte) min oan oerlis dien/Se dogge fierste(nte) min oan oerlis.
2. Kinne der net in pear (inkelde) minsken op dat ûndersyk set wurde?
3. Hoefolle moat dat winliken kostje?
4. Geane se der mei har(ren) twaen of mei har(ren) fiven hinne?
5. Allinnich it ûndersyk moat neffens ús al fierste(nte) folle kostje.
6. Sa, wurkest(o) op 'e fyfte (fiifde, fyfste) ferdjipping?
7. Ik wol it dy yn it foarste plak fertelle.
8. Ik haw net folle sin oan dy kompjûterkursus.
9. Der moat noch gâns (in protte, in soad, in bulte) oan dien wurde.
10. It is tweintich foar fjouweren.

### 8.3.7. Opdracht mei ferhâldingswurden

1. *Oant* safier wiene wy kommen.
2. *Ta* jo tsjinst!
3. Hoe let giesto altyd *op* en hoe let komste *fan* 't bêd?
4. *Neffens* my bisto mis.
5. *Sawat* (*likernôch, om en by, om-en(de)-by*) ien oere sil it heve.
6. Us ferwachtings *oangeande* (de takomst *oanbelangjende*; op it stik fan de takomst) binne ûndúdlik.
7. *Sânt* juster is dat sa.
8. Wat my *oanbelanget* hoecht dat sa net mear.

9. *Om* trije oere *hinne* (*likernôch*, *sawat* trije oere) wurdt de stilte *om* syn persoan *hinne* ferbrutsen.
10. Hy nimt wat yn *foar* de pine.
11. Wy *rûnen* mei de kollekte *by* de doarren *lâns*. (*lâns* is in bywurd; in bywurd seit wat fan in *tiidwurd* [it *stelde*, Holl. ‘gezegde’] of in *bepaling*)
12. Kinste wol *oer* in grapke?
13. Wat haw ik der in sin *oan*!
14. Wy kuieren *om* it doarp *hinne*.
15. *Hjirwei* kinste it nèt goed sjen, *út* de keamer *wei* wòl. (plak!)
16. *Under/Yn* de les mei de net praat wurde. (*tidens* is gjin Frysk)
17. Dêr hasto gelyk *oan*.
18. *Fan* acht oere *ôf* wie it resepsje en *fan* dy tiid *ôf* wie it tige drok. (by *tiid*: *fan* acht oere *ôf* [nèt *fanôf*!]; *fan* myn tsiende jier *ôf*. (oarspronklik mocht *vanaf* en *vanuit* yn it Hollânsk ek net oaninoar skreaun wurde; it moast skieden brûkt wurde)
19. *Op* ’e Lemmer komme in protte bûtenlanners.
20. Politisy *prate* faak *by* inoar(ren) *lâns*. (sjoch 11)
21. Kees siket *om* syn bûsmês.
22. Arjen leaut net mear *oan* Sinteklaas.
23. Rixt kin net *oer* ierdbeien.
24. It wetter *rûn* *by* de muorre *lâns*. (sjoch 11)
25. Bisto net bang *fan* dy hûn?
26. Tink goed *om* Pyt, dat er net falt.

### 8.3.8 Optracht Wurdlist foar it offisjeel ferkear

Korreksje:

A.

1. hannelingsbekwaam, hannelingsfoech hawwe, net ûnder kuratele stean, net stedsdyn wêze; 2. omparter; 3. bewize, oantoane, wiermeitsje; 4. ûnbarmhertichheidsklausule, (ûn)binlikheidsklausule; 5. immen yn ’e hechten sette, oppakke, fêstsette; 6. in delgeand, delrinnend flak; 7. werbesetting; 8. der sil op ’en nij oer (nei)tocht wurde moatte; 9. it belied wizigje, bystelle; 10. it yn grutte halen iens wêze mei, der wol wat yn weromfine; 11. jin op ’en nij beriede; 12. weroplieding; 13. hâldermaatskippij; 14. sûnder persoanlike stemming, sûnder stik foar stik te stimmen; 15. keunststik, prestaasje; 16. pommerant, hege funksjonaris; 17. kymfersmoarging; 18. wet mei regels oangeande; 19. hûsfrederek, hûsfrederek; 20. ôffalferwurking, ôfartferwurking; 21. hiergemis, hierferlies, ferlies fan hieropbringst; 22. houliksbetingsten; 23. identiteitsferdizening, -ferlies; 24. ynfolplan; 25. in djippegeande beskôging; 26. útkearing yn ien kear; 27. yn fersom stelle, ferklearje dat immen benefter bliuwt, ferklearje dat immen syn plichten nei neikomt [een ingebrekestelling = in ynfersomstelling]; 28. ynkommensbesuniging; 29. oanpassings binnendoar; 30. ynboude garaazje; 31. bysûnderheden, (it) hoe en het; 32. taksearje, beoardielje; 33. ynlochtsje, op ’e hichte bringe; 34. kant en klare oplossing; 35. strûs-yn, kom-mar-del; 36. ynkommerspetear; 37. oansluting, skiedingsflak, tuskenskeakel; 38. ynskriuwberejocht; 39. ynstruierseffekt; 40. ynfolje, útwurkje, ynhâld jaan; 41. de dei fan yngaan; 42. ûnderwerp, kwestje, isjû; 43. ûnderwerp, punt (fan in list), post (fan in begrutting), aitem; 44. jierlean; 45. jongereinkonsulint, jeugdinkonsulint; 46. jongereinwurkgarânsjeplan (jwg); 47. jonge wurkleaze; 48. kêst 4 en dêrmei ferbûn (yn ferbân dêrmei) kêst 5